

# Soere rein

útbrocht op de LP/CD Húske

ús dei, ús plakje yn de bosk	Cm	
wat ha wy hjir faak lein	F	Cm
it is no út, mar 'k wachtsje dochs	Cm	
myn hoop is net ferflein	F	Cm

kearsang: en út in grize wolkeloft	Cm	Gm
dêr dripket sûnder ein	F	Eb
de soere rein	Gm	Cm

de hjerstwyn boartet mei it blêd  
de simmer is ferslein  
de beammen lykje wurch en weak  
har tûken bin t'n ein

kearsang:

op 'e autodyk fljocht eltsenien  
sa hastich dizze snein  
it útlaatgas dat dampt omheech  
de wierook fan de wein

kearsang:

ik wachtsje wiet en om 'e nocht  
't is út, dat hasto sein  
de wjerljocht fan dat tongerwurd  
is yn myn plasse slein

kearsang:

© Doede Veeman